

# PERSBERICHT



Nummer: 091 TN  
Datum: 16 juli 2024

## Provinciale doorfietsroutes Fryslân krijen vorm

**Door speciale bewegwijzering aan te bringen, maakt de provincie doorfietsroutes in Fryslân straks herkenbaar. Daarnaast investeert de provincie in het optimaliseren van de doorfietsroute langs de N357 tussen Leeuwarden en Stiens en de N924 in de bebouwde kom van Echten en Oosterzee.**

Het opwaarderen van een fietspad tot een doorfietsroute is vaak een langdurig proces. Om de routes op korte termijn al herkenbaar te maken, komt er 'Trochfytsrûtebuorden'. Er komt een symbool op het fietspad en de routes krijen een Friestalige versie van het nationale bordje (F-nummering). Daarnaast verbetert de provincie de bestaande doorfietspaden van beton door hier belijning op aan te bringen. In totaal is hier ongeveer 0,4 miljoen euro voor beschikbaar.

Ook heeft de provincie gekeken naar locaties waar vanuit verkeersveiligheid verbeteringen gewent zijn. Dit is het geval op de route langs de N357 tussen Leeuwarden en Stiens. De provincie gaat daar aan de slag met het ombouwen van een deel van de parallelweg als fietsstraat én met het opvallender en veiliger maken van oversteken. Ook de doorfietsroute tussen Heerenveen en Lemmer krijt een meer herkenbare uitstraling, door in de bebouwde kom van Echten en Oosterzee de fietsroute te herinrichten. De provincie investeert in totaal 1,2 miljoen euro voor deze twee projecten.

### Fietsambitie

Het realiseren van de doorfietsroutes is onderdeel van de ambitie om Fryslân de fietsprovincie van Nederland te maken. Hiervoor is eerder 8 miljoen als subsidie beschikbaar gesteld voor gemeenten. Ook investeert de provincie zelf ruim 6 miljoen euro in haar eigen fietspaden, door de fietspaden tussen Augustinusga en Surhuisterveen (N358) en Twijzel en Quatrebras (N355) op te waarderen tot doorfietsroutes.

Om bovengenoemde ambitie te halen zet de provincie ook in op het verbeteren van de verkeersveiligheid van fietsers. Zo stimuleert de provincie het gebruik van de fietshelm, zijn senioren aandachtspunt en onderzoekt de provincie fietsoversteken. Ook stimuleert de provincie om vaker de fiets te pakken vanuit '*Werk Slim, Reis Slim*' en '*Iedereen een fiets*'.

Nûmer: 091 TN  
Datum: 16 july 2024

## Provinsjale trochfytsrûtes Fryslân krije foarm

**Troch spesjale paadwizers oan te bringen, makket de provinsje trochfytsrûtes yn Fryslân anst werkenber. Dêrneist ynvestearret de provinsje yn it optimalisearjen fan de trochfytsrûte lâns de N357 tusken Ljouwert en Stiens en de N924 yn de beboude kom fan Ychten en Eastersee.**

It opwurdearjen fan in fytspaad ta in trochfytsrûte is faak in lang proses. Om de rûtes op koarte termyn al werkenber te meitsjen, komme der 'Trochfytsrûtebuorden'. Der komt in symboal op it fytspaad en de rûtes krije in Frysktalige ferzje fan it nasjonale buordsje (F-nûmering). Dêrneist ferbetteret de provinsje de besteande trochfytspaden fan beton troch der streken op oan te bringen. Mei-inoar is dêr likernôch 0,4 miljoen euro foar beskikber.

Ek hat de provinsje sjoen nei lokaasjes dêr't fanwege ferkearsfeiligens ferbetteringen winske binne. Dat is it gefal op de rûte lâns de N357 tusken Ljouwert en Stiens. De provinsje sil dêr oan 'e slach mei it ombouwen fan in part fan de paralleldyk nei fytstrjitte én mei it opfallender en feiliger meitsjen fan oerstekplakken. Ek de trochfytsrûte tusken It Hearrenfean en De Lemmer krijt in mear werkenbere útstrieling, troch yn de beboude kom fan Ychten en Eastersee de fytsrûte op 'en nij yn te rjochtsjen. De provinsje ynvestearret yn totaal 1,2 miljoen euro yn dy twa projekten.

### Fytsambysje

It realisearjen fan de trochfytsrûtes is ûnderdiel fan de ambysje om Fryslân de fytsprovinsje fan Nederlân te meitsjen. Dêrfoar is earder 8 miljoen as subsydzje beskikber steld foar gemeenten. Ek ynvestearret de provinsje sels goed 6 miljoen euro yn har eigen fytspaden, troch de fytspaden tusken Stynsgea en Surhústerfean (N358) en Twizel en Quatrebras (N355) op te wurdearjen ta trochfytsrûtes.

Om boppeneamde ambysje te heljen set de provinsje ek yn op it ferbetterjen fan de ferkearsfeiligens fan fytzers. Sa stimulearret de provinsje it brûken fan de fytshelm, binne senioaren oandachtspunt en ûndersiket de provinsje fytsoerstekplakken. Ek stimulearret de provinsje mei de kampanjes '*Werk Slim, Reis Slim*' en '*Iedereen een fiets*' om faker de fyts te pakken.